

FERSLACH

**Algemeine ledegearkomste *It Skriuwersboun*
28 febrewaris 2019 yn Tresoar 19:30 – 21:30**



Oanwêzich

Lubbert Jan de Vries, Geert Nauta, Hein Jaap Hilarides, Syds Wiersma, Meindert Reitsma, Elske Kampen, Willem Verf, Jetske Bilker, , Bennie Huisman, Baukje Zijlstra, Trevor Scarse
Bestjoer *It Skriuwersboun*: Tryntsje van der Veer (foarsitter), André Looijenga, Paul van Dijk, Geart Tigchelaar (ferslach).

Ofmeldings

Sigrid Kingma, Koos Tiemersma, Jan Schotanus, Martsje de Jong, Remco Kuiper, Lida Dykstra, Ytsje Hettinga.

Tryntsje van der Veer iepenet de gearkomste om 19:37 oere.

Ferslach ALG 1 novimber 2018

Net ien fan 'e oanwêzigen hat kommentaar op 't ferslach fan de foarige Algemeine Ledegearkomste. Josse de Haan hat nei't it ferslach op 11 novimber 2018 ferstjoerd is, oan 'e sikretaris de neikommende mail stjoerd:

Hi Geart, tank foar it ferslach. Joop Boomsma hat as foarsitter fan it Skr Boun heel wichtich west, ik haw dat mist yn it ferslach. Op syn kremaasje yn april l.l. haw ik dit û.o. oanhelle. Dêr wie trouwens gjin mins fan it bestjoer. Groet, J

It ferslach is dêrmei fierders fêststeld.

Ferslach 'Polityk moetet Literatuer'

De jûn is troch it bestjoer en mei Willem Verf evaluatearre. It bestjoer is fan doel om de listlûkers noch in persoanlik skriuwen takomme te litten mei in tal punten, dy't wichtich binne foar harren om oangeande de literatuer foar eagen te hâlden. Teffens destilearret it bestjoer dêrút in stik dat wy as in 'Te gast' oan 'e Ljouwerter Krante oanbiede wolle.

Syds: Watfoar ferfolch kriget dy jûn?

Willem: Stelt foar om de minsken binnen de partijen dy't oer kultuer geane nei de ferkiezings byinoar te roppen. Hy stelt ek foar dat it brief oan 'e listlûkers as ôfskrift nei de fraksjemewurkers giet.

Bestjoersgearstalling *It Skriuwersboun*

André wurdt foar in nij termyn fan trije jier mei algemiene stimmen oannommen.

Baukje wurdt foar trije jier mei algemiene stimmen keazen as algemien bestjoerslid.

Trevor wurdt mei algemiene stimmen keazen as waarnimmend skriuwer yn 'e tiid dat Geart fuort is.

Tryntsje wurdt mei algemiene stimmen op 'e nij keazen as foarsitter en waarnimmend ponghâlder foar ynearsten in jier.

Geert: Wat fynt it bestjoer in ideale grutte?

Tryntsje: In man/frou as 5, 6 is it moaist.

Kontrôle boekjier 2017 en 2018

Meindert en Syds hawwe it boekjier 2017 neisjoen, goedkard en tekene.

Syds en Hein Jaap hawwe it boekjier 2018 neisjoen, goedkard en tekene.

Proazawurkgroep

De útkomst fan de Tinktank fan 1 febrewaris, dy't wijd wie oan Frysk proaza wie dat it goed wêze soe om ek in Proazawurkgroep te hawwen.

Jetske is ree om dy groep te lieden en Baukje is kontaktpersoan út it bestjoer wei.

Oersetterswurkgroep

Dy groep hat in jiermannich lyn o sa aktyf west en dat hat ek in tal boeken opsmiten.

It bestjoer hat lûden opheind fan leden dy't harren ôffreegje wêrom't de wurkgroep wol altiten oeral neamd wurdt, mar der op 't heden neat bart.

Om dy reden sil der meikoarten in datum útsteld wurde om de Oersetterswurkgroep nij libben yn te blazen.

Jetske: Binne der dan gjin doelstellings?

Geert: Sa't it my heucht wie it sa dat wy doedestiids it gat fan de jongereinliteratuer opfolje woenen. Der binne in tal boeken útkommen, de oersetters hawwe sadwaande harren wei fûn en dêrnei is de wurkgroep wat yninoar sakke.

Paul: Men kin jin ôffreegje oft dat slim is, as it ferlet der net mear is, sakket soks no ienkear yninoar.

Willem: Wol der op oan dat der wol doelstellings komme. Sjoch bgl. nei it publyk, wat wol dy lêze en set yn op boeken dy't noch net yn it Nederlânsk ferskynd binne.

Geert: Is dat wol in bestjoerstaak?

Tryntsje: De ideale situaasje is bywannear't in lid de lûker is, mei in kontaktpersoan út it bestjoer wei.

Toanielwurkgroep

Der wurdt in soad toaniel skreaun, mar safolle ferbining tusken literatuer en toaniel is der net.

Trochdat it bestjoer gâns oare drokten hie de ôfrûne tiid, hat dizze wurkgroep wat stillein, ek al wie der in soad opteinens oer by de leden.

Paul is de kontaktpersoan út it bestjoer wei.

Geert: Warskôget op 'e nij dat it bestjoer sokke dingen net tefolle nei himsels lûke moat. Dat is en bliuwt in falkûle.

Syds: Om't Tryater ek wol skriuwkursussen ensfh. biedt, is er fan betinken dat wy ynspringe moatte yn it gat fan 'e film. Der soe dêrom in Filmwurkgroep komme moatte. Der binne yn Fryslân genôch regisseurs, kameraminsken ensfh., mar Fryske skriuwers fan skripts ûntbrekke. Hy soe it moai fine om oer tsien jier in Fryske searje op Netflix te hawwen.

Om dy reden wol Syds by de Toanielwurkgroep om sa film yn syn portefúlje te hawwen.

Ynbring fan leden/omfreegjen

Jetske: Fremibu rint noch altiten, komme ek altiten noch minsken. It is altiten op de lêste freedtemiddei fan 'e moanne om 16:30 oere yn kafee Wouters. Ast net komst, kom dan gewoan net, mar meld dy net ôf fia Facebook, want dat is negative reklame. Hja sjocht wol wa't wol of net komme.

Willem: As foarsitter fan it FLMD wol hy op 'e nij omtinken jaan dat hja as stifting subsydzje jouwe oan aktiviteiten etc. oangeande oarspronklik Frysktalich wurk. Skromje dêrom net om in oanfraach yn te tsjinjen. Mear ynformaasje stiet op www.stiftingflmd.frl.

Tryntsje: Wurdt it net tiid om in LinkedIn-groep oan te meitsjen foar it Skriuwersboun?

Skoft

Jubileumboek mei yllustraasje fan Laurens Bontes

Leden wurde fia in mail sa gau mooglik ynformearre oer it hoe en wat. De tekening komt hooplik yn Tresoar te hingjen, mar sil ek op de webside setten wurde, sadat elk lid him of har der troch ynspirearje litte kin.

De redaksje fan it boek binne Jetske, Baukje en André. Ferhalen meie op syn heechst 1000 wurden beslaan. De falbile foar in kar oer hokfoar part fan 'e tekening oft skreaun wurdt is 11 maart. De wurktitel is ynearsten *Nearnewâld*.

GT10319